

Hertlik wolkom op ús toanieljûn fan 12 febrewaris 2011.
Dizze kear yn **Atol-Plaza**.

Wy begjinne wer om **acht oere** krekt.

De Fryske Krite Bûtenpost spilet foar ús

“DÛBEL FERHIJRD”

In blijspul fan Frans Hijdra en yn it Frysk oerset troch Gerrit Tasma.
Spesjaal foar Bûtenpost bewurke troch Theo Smedes.

De rolferdieling:

Victor Palstra	-	Arnold Jan Ruisch
Lisette Katsma	-	Bianca Wiersma
Auke Galama	-	Eerde de Bruin
Durkje Galama	-	Anneke Nieuwenhuis
Roos	-	Greetje Klaren
Rezjy	-	Theo Smedes
Ynstekster	-	Gryt de Poel
Grime	-	Diete Paauw
Lûd	-	Jan Dijkstra
Ljocht	-	Ernst Jaap de Haan
Dekor	-	Harrie Nieuwenhuis, Foppe de Vries, Tjeerd Weidenaar, Oeds van der Ploeg jr.

Ynhâld fan it stik:

Je wurde in dei âlder, de trep op en ôf is somtiden krekt wat te folle
Auke Galama en syn frou Durkje, dy't in grut hûs bewenje, beslute lang om let de boppeferdjipping te ferhieren. Vicor Palstra, drok op syk nei wenromte, komt op harren advertinsje ôf en beslút de keamer út hannen fan Durkje te hieren. Dat is moai tinke je dan. At Auke dan krekt dêrnei de keamer ferhierd oan Lisette Katsma wurdt it wat minder.

In op it each ûnskuldich misferstân krijt in ûnplesierich karakter as dy twa folslein ferskillende minsken ûnwrikber blyk jouwe fan har ûnwil om foar de oar te wiken. De emoasjes rinne bytiden heech op

Mar wa wol úteinlik opbaarne en wa wol smeulend dôvje?

De leden fan ús Krite meie wer fergees de seal yn;
net-leden betelje € 7,00 de man/frou en
stipers € 4,00 per persoan.

Yn it foarige krantsje hawwe jimme lêzen kinnen dat er wer in protte nije boeken op de tafels lizze. It soe sa moai wêze at jo ris by de tafels seagen en miskien ek noch wat kochten. Foar ferfier nei de Kritejûn kinne jimme altyd skilje mei ien fan it bestjoer en wol: Pietsje Kalsbeek, Albert Postma as Luit Dijk.
(telefoannûmers steane yn de kolofon fan ús krantsje).